

**SKRIFTLIKE FRAGEN, op grûn fan Kêst 41 Reglemint fan Oarder**

Rjochte oan DS / lid DS	Fokkens  <b>Underwerp: Relaasje Fryske Akademy-KNAW en nije liearringsoerienkomst</b>
Ynljedende taljochting (fakultatyf)	<p>De FNP-fraksje hat begrepen dat de KNAW, sûnder de dêrta fereaske ynstimming fan de provinsje Fryslân, iensidich besletten hat dat de FA net mear ûnderdiel is fan har ynstitutebestel.</p> <p>Tal fan saken wize dêr op. Sa hat it KNAW-bestjoer yn 2018 bygelyks op eigen gesach besletten om de FA bûten de 'Portfolio-operatie' foar de evaluaasje fan alle NWO- en KNAW-ynstituten te hâlden<sup>1</sup>. Fierder ûntbrekt de FA yn de 'Organisatiestructuur Instituten' en yn harren organogram<sup>2</sup> en de FA ûntbrekt no ek al - yn tsjinstelling ta it Rathenau-ynstituut - yn de KNAW-Jierrekken 2018, dy't op 'e webside fan de KNAW te finen is. Dat hat nea sa west.</p> <p>Dêrneist is op dit stuit sprake fan in opset (konsept) fan in nije liearring tusken de FA en de KNAW<sup>3</sup>, dy't nei alle gedachten fikse konsekwinsjes hawwe sil foar de Fryske Akademy. Dy steane ek ferwurde yn art 5.2 sub 2 fan de nije BFTK. De FNP freget him of oft de FA mei in feroare liearring ek noch rjocht hat op de fasiliteiten fan de KNAW dy't der no ek binne (of in lykweardich oanbod), oft it op minimaal deselde wize trochgean kin mei ynternasjonale aktiviteiten, oft de tagong ta nasjonale én ynternasjonale wittenskiplike subsydzjekanalen yn stân bliuwt, de fisitaasjes, de húsfestingsjilden (oanfoljend oan de lumpsum) en in minimaal likense status yn de wittenskiptswrâld. Dy saken binne foar de FNP-Steatefraksje reden foar in tal fragen.</p>
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none"><li>1. Kloppet it dat de FA troch de KNAW formeel en/of de facto net mear behannele wurdt as KNAW ynstituút? As dat sa is, binne jim ree de KNAW dêr op oan te sprekken?</li><li>2. Is de provinsje akkoart gongen mei in feroaring fan de liearring, hat DS eksplisyt tastimming jûn? Sa net, hoe kin it dan dat neffens de Jierrekken 2018 fan de FA (side 13) al sprake wêze soe fan in 'Genomen besluit'. Om dit begripe te kinnen, soene wy graach de tekst fan</li></ol>

<sup>1</sup> <https://www.know.nl/nl/actueel/nieuws/evaluatie-van-de-portfolio-van-onderzoeksinstituten-van-nwo-en-know>. Fierder: <https://www.know.nl/shared/resources/instituten/bestanden/rapport-portfolio-evaluatie>, p7, noot 5: '5 De KNAW heeft besloten dat de Fryske Akademy, het Rathenau Instituut en het Spinoza Centre for Neuroimaging in deze evaluatie buiten beschouwing worden gelaten vanwege de afwijkende governance van deze instituten' en <https://know.nl/shared/resources/instituten/bestanden/visie-know-op-het-institutenbestel> side 10

<sup>2</sup> <https://www.know.nl/shared/resources/instituten/bestanden/governance-know>

<sup>3</sup> [https://www.fryske-akademy.nl/fileadmin/inhoud/beelden/homepage/Oer\\_us/Jierferslaggen/Jaarrekening\\_2018\\_WS.pdf](https://www.fryske-akademy.nl/fileadmin/inhoud/beelden/homepage/Oer_us/Jierferslaggen/Jaarrekening_2018_WS.pdf) side 13

	<p>dy nije Liearringsoerienkomst krije, en hearre hokker oerlis, diskusje en ôfwagings oer de belangen foar en tsjin foar de Fryske Akademy as der west ha binnen de FA-organisaasje oer dat "Genomen besluit".</p> <p>3. Wat binne de konkrete gefolgen fan in feroaring fan de Liearringsoerienkomst, wêrby't de FA net mear it 'Rjocht' hawwe soe op de fasiliteiten fan de KNAW, mar dêr in 'berop' op dwaan kin? Kin it Kolleezje fierder in útputtende list meitsje en oan ús tastjoere watfoar fasiliteiten de FA op dit stuit, as KNAW-ynstitút genietet? Hokker garânsjes kin it Kolleezje ús jaan dat de FA, as it net mear in KNAW-ynstitút as sadanich wêze soe, dochs op in oare wize deselde statuer en mooglikheden hawwe kin om dochs (noch) in berop dwaan te kinnen op nasjonale en/of ynternasjonale subsydzjes en fûnsen? Op hokker wize krekt soe dat syn gerak krije moatte?</p> <p>4. As it neffens it Kolleezje sa is, dat in nije tekst fan de liearringsoerienkomst mooglik dochs gjin gefolgen hawwe sil foar de Fryske Akademy, wêrom kin de besteande tekst dan net hanthavene wurde? Graach in taljochting.</p> <p>5. By de FA is ek Mercator ûnderbrocht, in ynternasjonaal en respektarre ûndersyksintrum nei meartaligens. Hokker garânsjes kinne DS jaan dat dat ynstitút troch in eventuele feroaring fan de liearringsoerienkomst (a) gewoan yn Ljouwert bliuwe kin, (b) mei minimaal deselde fasilitearring fierder kin en (c) ûnder de wjukken fan de FA syn wurk kontinuearje kin?</p>
--	---

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening) FNP, Corlienke de Jong
---------------	---

Datum	8 oktober 2019
-------	----------------